

MOASJE

AANGENOMEN

In te vullen door de griffie

Nr:



Begroting 2026 | Agrarische ondernemers

De ried fan de gemeente Dantumadiel, yn gearkomst op 3 novimber 2025,

Konstatearjend dat:

- agraryske ûndernimmers in wichtige bydrage leverje oan de romtlike kwaliteit, de leefberens en de identiteit fan ús gemeente;
- harren belangen en soargen net altyd genôch oan bod komme yn besteande oerlisstruktueren;

Oerwage dat:

- in mear struktureel en ynhâldlik petear mei de agraryske sektor bydrage kin oan mear begryp, bettere gearwurking en takomstgerichte oplossingen;

Ropt it kolleezje fan boargemaster en wethâlders op om:

- yn oerlis te gean mei de organisearre agraryske ûndernimmers om te ferkennen oft der yn it foarjier fan 2026 in mienskiplike *Agraryske Jûn Dantumadiel* hâlden wurde kin;
- de ried foar 1 maart 2026 te ynformearjen oer de útfiering en útkomst fan dit oerlis.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Undertekening

Hilbrand Visser, CDA Dantumadiel

Heerke Kooistra, SGP

Joran Jager GBD



Beslút

Foar	Tsjin	Oannommen	Paraaf griffier
Allegear (17)	Gjin (0)		